

FNP-fraksje
Mefrou C. de Jong

Ljouwert, 15 novimber 2016
Ferstjoerd, **18 NOV. 2016**

Us merkteken : 01369025
Ofdieling : Programma Ljouwert-Fryslân 2018
Behannele : N. Hoepman / (058) 292 5603 / n.hoepman@fryslan.frl
troch
Jo merkteken : fragen oer meartalichheid by KH2018 fan 24 oktober 2016
Giet oer : antwurden op fragen oer meartalichheid by KH2018

Achte mefrou De Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglement van Orde, ûntfongen op 26 oktober 2016, beäntwurdzje wy as folget.

Ynlieding:

De Fryske Akademy hat ûndersocht hoe't de organisaasje fan de Kulturele Haadstêd (KH2018) yn harren kommunikaasje omgiet mei de meartalichheid en de Mienskip. Te begjinnen mei it Bidbook fan KH2018 binne der hege ferwachtings wekt datoangeande.

It blykt no, bygelyks op Twitter, mar ek yn oare kommunikaasje-úteringen o sa ôf te fallen mei it meartalichheids- en mienskipsgelichte. Hjirtroch ûntstiet in byld (of in befestiging dêrfan) dat KH2018 hielendal net sa Frysk en ek net sa 'fan ûnderen op' is. En ek net ynternasjonaal genôch oars foar in Kulturele Haadstêd fan Europa, want neist it Frysk sjit ek it konsekwinte gebrûk fan it Ingelsk troch KH2018 te koart, sa hat de Akademy fêststeld.

Fraach 1:

Binne DS it mei ús iens dat der fan de KH2018 organisaasje ferwachte wurde mei dat hja by steat binne en realisearje yn harren kommunikaasjeplannen in konsekwinte meartalige útstrieling? Lykas op basis fan har eigen Bidbook ferwachte wurde mocht? Kreativiteit en kunde op it mêd fan kommunikaasje binnen KH2018 is der ommers genôch?

Antwurd fraach 1:

Ja. De echte kampanje fan Kulturele Haadstêd *binnen* Fryslân moat noch begjinne. Yn dizze kampanje sil it Frysk in passend plak krije. Op dit stuit binne der brosjueres foar de ynternasjonale beurzen yn it Ingelsk en Dútsk. De website is trijetalich en de nijsberjochten op de website wurde oersetten yn it Frysk of it Nederlânsk.

Fraach 2:

Der giet in knoarre provinsjaal jild yn KH2018, mei neist de artistike doelen ek de meartaligens en it belûken fan de Fryske Mienskip; binne DS dan ek mei ús fan betinken dat der easken ditoangeande steld wurde meie om dy doelen te heljen?

Antwurd fraach 2:

Ja. De doelstellings, lykas fêstlein yn it bid book en de gearwurkings aginda mei Ljouwert, binne foar DS liedend.

Fraach 3:

Hokker betingsten binne datoangeande steld oan de organisaasje?

Antwurd fraach 3:

De direksje fan de Stifting stelt betingsten oan de easken op it mêd fan de kennis fan talen oan harren meiwurkers. Meartaligens is dermei fêstlein. Dit komt folslein oerien mei it belied fan de provinsje Fryslân.

Fraach 4:

Wat moat der dien wurde om dy betingsten better neikomme te kinnen?

Antwurd fraach 4:

Wy binne der fan oertsjûge dat de organisaasje op it spoar sit lykas ôfsprutsen en fêstlein. Wol sjogge wy guon praktyske mooglikheden ta ferbettering fan it brûken fan it Frysk yn de media. Sjoch hjirfoar ek ús antwurd op fraach 7.

Fraach 5:

En as dy betingsten net yn it foar steld binne, wat sil DS der dan oan dwaan?

Antwurd fraach 5:

De betingsten binne yn it foare steld.

Fraach 6:

Binne DS mei ús fan betinken dat ús eigen provinsjale KH2018 projekt 'Lân fan Taal', mei syn útsoarte meartalige opset en útstrieling, ûnderstek dien wurdt as de ynbêding yn de rest fan KH2018 hielendal gjin meartalige útstrieling hat?

Antwurd fraach 6:

Ja.

Gelokkich is dit net it gefal, om't oare KH2018 projekten ek in robuuste meartalige útstrieling hawwe.

Fraach 7:

De deputearre hat fia de media oanjûn 'persoanlik ta te sjen' op de meartalichheid en it Frysk by KH2018. Hokker konkrete yngrepen sil de deputearre dan no dwaan dêr't se dan persoanlik op ta sjen sil?

Antwurd fraach 7:

De deputearre mei Kulturele Haadstêd 2018 yn har portefúlje, hat mei de direksje fan de Stifting KH2018 en de Ried fan Tafersjoch al praat oer it brûken fan benammen it Frysk en it Ingelsk. Wy binne fan betinken dat wê't bygelyks it brûken fan it Frysk him earne ta lient, dit ek dien wurde moat. Sa kinne oankundigings op Twitter en Facebook, fan ynspiraasje byienkomsten en „greidesesjes“ rûnom yn de provinsje, yn it Frysk dien wurde. Hoewol't de echte kampanje fan KH2018 noch begjinne moat, sil de Stifting frege wurde ek de kommunikaasje lâns de reguliere media mear Fysktalich yn te setten. Lân fan Taal is opsetten om Fryslân in meartalige útstrieling te jaan. Yn 'e kommunikaasje moat dit dan ek ta utering komme.

Fraach 8:

Wat is de eftergrûn fan de skille diskrepansje tusken it sizzen fan de wethâlder yn de Ljouwerter ried oer dit ûnderwerp, en dat fan de deputearre foar de Omrop mikrofoan? De wethâlder liket yn dizzen net allinnich it wurd te dwaan foar de gemeente mar ek foar de organisaasje Kulturele Haadstêd, en de belutsen oerheden lykje net mei ien mûle te sprekken.

Antwurd fraach 8:

Der is gjin ferskil yn opfettings tusken de wethâlder en de deputearre oer de needsaak fan it brûken fan it Frysk troch de Stifting KH2018.

Fraach 9:

Binne de doelen fan de belutsen oerheden mei de Kulturele Haadstêd noch hieltyd deselde as it giet om 'mienskip' en 'meartaligens'?

Antwurd fraach 9:

Ja, dizze doelen binne noch itselde.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

J.M. Leemhuis-Stout, foarsitter,

A.J. van den Berg, sekretaris